



De taal dêr't je yn bidde

Elk moat de Bibel lêze kinne yn de taal dêr't er him it bêste yn thús fielt. Want dat fergruttet de tagonklikens fan it Bibelske ferhaal. Talen feroarje, lykas ek de maatskippij feroaret. Der komme wurden en gewoantes by, sa't dy ek wer út it deistich gebrûk ferdwine. Ek de skreaune taal fernijt him. Wa't de Fryske Bibel fan fjirtich jier lyn derby pakt, komt dêr genôch foarbylden fan tsjin.

Fandêr dat it te priizgjen is dat Royal Jongbloed it Evangeelje fan Mattéus op 'en nij yn it Frysk útjout. It lêst noflik en it eigentiidske taalgebrûk makket fan it Evangeelje in aktueel ferhaal. Minsken kinne it ferhaal lêze yn de taal dêr't se yn bidde.

It kin liede ta diskusje: wêrom lizze wy bepaalde teksten no oars út as fjirtich jier lyn? It bringt it ynsjoch yn wat Mattéus mei syn bibelboek bedoelde wer in stap tichterby.

Royal Jongbloed publisearret dizze nije ferzje yn it foar Fryslân bysûndere jier 2018, as wy as Kulturele Haadstêd oan Europa sjen litte meie wat de krêft fan in regio is. It taalbewustwêzen is dêr in wichtich ûnderdiel fan. Dat soks ek fia bibelske ferhalen nei foaren komt, is hjirby in werkenber en tige wolkom foarbyld fan taalfernijing.

Drs. A.A.M. Brok

Kommissaris fan de Kening yn de provinsje Fryslân

Begripe jo wol wat jo lêze?

Dy fraach stelde Filippus as evangelist oan de hofamtner út Etiopië, dy't dêr it behear oer de skatkiste hie (Hannelingen 8, 26-40).

De Bibel is foaral in foarlêsbok. It begjint mei it lêzen fan de tekst, krekt as de amtner himsels lûdop út 'e profet Jesaja foarlies.

It begjint mei it lêzen, mar de lêzer en ek de harker wolle wol begripe wat se lêze. Soms is der wat help nedich om te begripen wat der stiet: Filippus lei de tekst fan Jesaja 53, 7 oan de Etiopiër út.

Begripe jo wol wat jo lêze?

Dat jildt foar de hiele Bibel. Dêrom moat de Bibel hieltyd wer foar de lêzer oerset wurde, fersteanber makke wurde, elke tiid op 'en nij. De Stifting Fryske Bibel foar de lenentweintichste leu (FB21) wol de hiele Bibel goed begryplik meitsje foar de lêzers en harkers fan dizze tiid. Dizze oersetting fan it evangeelje sa't Mattéus it beskreaun hat, is yn it ramt fan LF 2018 in earste bydrage.

De hofamtner út Etiopië beharde de skatkiste, mar der gie nei't er de bibeltekst begrepen hie, in skatkeamer foar him iepen.

Lokkich de lêzer, dy't begrypt wat der bedoeld wurdt!

dû. Klaas Visbeek, foarsitter Stifting FB21

Fan 'e oersetter

In anonime skriuwer fan lyts 2000 jier lyn hat in ferhaal ferteld dat alle kultueren fan Europa, ek dy fan Fryslân, yngripend feroare hat: it Evangeelje fan Mattéus. It is it ferhaal fan Jezus, dat begjint mei Joazef en Marije en de wizen (eins: tsjoenders) út it Easten. Rillegau komt dan de Berchrede: de wrâld koe nei dy taspraak net mear itselde bliuwe. Dêrop folgje wûnderferhalen, skerpe petearen, en in tal skitterjende gelikenissen. Dan komt de ein, dy't like ûnbegryplik is as it begjin.

It Evangeelje fan Mattéus hat in boarne fan ynspiraasje west foar de taal, foar it tinken en foar it leauwen fan 'e minsken, ek yn Fryslân, en it is dat noch. Dit spesjale boekje wol dy stream fan ynspiraasje trochgean litte.

Dit is de fyfde kear dat der in oersetting fan Mattéus útkomt yn 'e taal fan Eastergoa, Westergoa en de Wâlden. Elke oersetting hat fansels syn eigenheid. Dizze oersetting wol benammen de manier fan skriuwen fan Mattéus sa dúdlik en tagonklik mooglik yn it Frysk oerbringe. Dat betsjut yn it foarste plak in rike wurdskat. It Evangeelje fan Mattéus is skreaun yn it Gryksk, dat yn dy tiid fierhinne de funksje hie fan it Ingelsk no. Mattéus brûkt de rykdom fan 'e wurdskat fan dy taal, en hy wit ek presys hoe't er dy brûke moat. Om soks oer te setten is in útdaging, en jo binne bytiden ek de rykdom fan 'e Fryske taal nedich om dêr wat fan sjen te litten.

It aparte is dan wer, dat Mattéus yn syn manier fan fertellen en yn 'e opbou fan syn sinnen hiel sober skriuwt, suver tsjin 'e sprektaal oan fan syn dagen. Ek dat haw ik besocht sa goed mooglik yn dizze oersetting wer te jaan. Op plakken is dat soms op it ientoanige ôf, mar Mattéus docht dat mei sin. Net de manier fan fertellen, mar de dingen dy't er te fertellen hat – dêr giet it om.

It is hiel wat om frege te wurden foar de oersetting fan it Evangeelje fan Mattéus, en sûnder de help fan in protte minsken wie dat ek net slagge. Ik wol de minsken fan 'e Stifting Fryske Bibel foar de lenentweintichste leu, de meiwurkers fan útjouwerij Royal Jongbloed, en elk dy't meilêzen en meitocht hat, dêr tige foar betankje.

Ik hoopje, dat dit boekje syn paad fynt nei de huzen en de herten fan in protte Friezen.

Lollum, 31 oktober 2017

Liuwe H. Westra



Matt. 1:17 Fan Abraham oan David ta binne it dus meinoar
fjirtjin slachten, en fan David oan 'e Babyloanyske ballingskip
ta fjirtjin slachten, en fan 'e Babyloanyske ballingskip oan
Kristus ta fjirtjin slachten.
Marijetsjerke - Bûtenpost

Haadstik I

¹ It boek mei it ferhaal fan Jezus Kristus, soan fan David, soan fan Abraham.

² Abraham krige Izaäk, en Izaäk krige Jakob, en Jakob krige Juda en syn bruorren, ³ en Juda krige Fares en Sarach by Tamar; en Fares krige Esrôm, en Esrôm krige Aram, ⁴ en Aram krige Aminadab, en Aminadab krige Naässôn, en Naässôn krige Salmôn, ⁵ en Salmôn krige Boës by Rachab, en Boës krige Jôbêd by Ruth, en Jôbêd krige Jessai, ⁶ en Jessai krige David, de kening.

En David krige Salomo by Oeria syn frou, ⁷ en Salomo krige Roboâm, en Roboâm krige Abia, en Abia krige Asaf, ⁸ en Asaf krige Jôsafat, en Jôsafat krige Jôram, en Jôram krige Ozzia, ⁹ en Ozzia krige Jôatam, en Jôatam krige Achaz, en Achaz krige Ezekia, ¹⁰ en Ezekia krige Manasse, en Manasse krige Amôs, en Amôs krige Jôsia, ¹¹ en Jôsia krige Jechonia en syn bruorren yn 'e tiid fan 'e Babyloanyske ballingskip.

¹² En nei de Babyloanyske ballingskip krige Jechonia Salatiêl, en Salatiêl krige Sorobabel, ¹³ en Sorobabel krige Abiûd, en Abiûd krige Eliakym, en Eliakym krige Azôr, ¹⁴ en Azôr krige Sadôk, en Sadôk krige Achym, en Achym krige Eliûd, ¹⁵ en Eliûd krige Eleäzar, en Eleäzar krige Mattas, en Mattas krige Jakob, ¹⁶ en Jakob krige Joazef, de man fan Marije, by wa't Jezus berne waard, dy't de Kristus neamd wurdt.

¹⁷ Fan Abraham oan David ta binne it dus meiinoar fjirtjin slachten, en fan David oan 'e Babyloanyske ballingskip ta fjirtjin slachten, en fan 'e Babyloanyske ballingskip oan Kristus ta fjirtjin slachten.


¹⁸ En Jezus Kristus kaam der sa. Doe't syn mem Marije fersein wie oan Joazef, die it bliken, foardat hja by elkoar kamen, se wie swier fan 'e

hillige Geast. ¹⁹ Mar Joazef, har man, dy't in rjochtfeardigienien wie en har net te skande meitsje woe, besleat om har stilwei fuort te stjoeren.

²⁰ Mar doe't er dat ien kear yn 'e holle hie, sjoch, dêr ferskynde him yn in dream in ingel, dy't sei: Joazef, soan fan David, kinst gerêst Marije, dyn frou, by dy nimme. Want wat yn har ûntstien is, komt by de hillige Geast wei. ²¹ En se sil in soan krije, en do silst Him de namme jaan: Jezus. Want Hy is it dy't syn folk fan harren sûnden rêde sil. ²² En sa is it no ien kear allegear, dat útkomt wat de Hear troch de profeet sein hat:

²³ Sjoch, de jongfaam sil swier wurde en in soan krije en se sille Him de namme jaan: Emmanúel, dat as men it oerset betsjut fan 'God is by ús'.

²⁴ En doe't Joazef wakker wurden wie út 'e sliep died er sa't de ingel fan 'e Hear him opdroegen hie, dat hy naam syn frou by him. ²⁵ En hy hie gjin mienskip mei har; krekt salang dat se in soan krige. En hy joech Him de namme: Jezus.



Matt. 2:11 En se diene har skatkisten iepen om Him geskinken oan te bieden: goud en wijreek en mirre.
Fries Museum - Ljouwert

Haadstik 2

¹ Doe't Jezus dan kommen wie yn it Judeeske Betlehem yn 'e tiid fan kening Heroades, sjoch, dêr kamen tsoenders út it easten yn Jeruzalem oan, ² dy't seine: Wêr is de krektberne kening fan 'e Joaden? Wy hawwe syn stjer ommers yn it easten sjoen en binne kommen om foar him op knibbels. ³ Mar doe't kening Heroades dat hearde, rekke hy derôf en hiele Jeruzalem itselde, ⁴ en nei't er alle hegeprysters en wetgelearden fan it folk byinoar roppen hie, woed er fan har witte: Wêr komt de Kristus? ⁵ Hja seine tsjin him: Yn it Judeeske Betlehem. Sa stiet der ommers troch de profeet:

⁶ En do, Betlehem, lân fan Juda, bist lang de minste net ûnder de lieders fan Juda, want út dy sil de lieder wei komme, ien dy't hoeder wêze sil fan myn folk Israel.

⁷ Doe rôp Heroades de tsoenders stilwei by him om harren hielendal út te kloarkjen, wannear't dy stjer skynd hie. ⁸ En hy stjoerde harren nei Betlehem ta mei it sizzen: Jim moatte nei jim reis sikuer útsykje hoe't it mei dat berntsje sit. En as jim dat útfûn hawwe, doch my dan berjocht, dat ik der ek hinne kin om foar him op knibbels. ⁹ En op dy wurden fan 'e kening setten se ôf, en sjedêr, de stjer dy't se yn it easten sjoen hiene, gie foar harren út, krekt salang dat dy oankaam en stean bleau boppe it plak dêr't it berntsje wie. ¹⁰ En doe't se de stjer dêr seagen, wiene se alhiel út 'e skroeven sa bliid. ¹¹ En se giene nei it hûs ta en seagen it berntsje mei Marije, syn mem. En se lieten har delfalle om foar Him op knibbels. En se diene har skatkisten iepen om Him geskinke oan te bieden: goud en wijreek en mirre. ¹² En yn in dream warskôge

om net wer by Heroades del, giene se dêr oer in oar paad wer wei nei har eigen lân ta.

¹³ En doe't dy dêr wer wei gien wiene, sjedêr, der ferskynde Joazef yn in dream in engel fan 'e Hear, dy't sei: Wurd wekker, nim it berntsje en de mem by dy en dan moatst flechtsje nei Egypte en dêr bliuwe oant ik it dy sis. Want Heroades is fan doel en gean op syk nei it berntsje om it te deadzjen. ¹⁴ En hy waard wekker en naam it berntsje en de mem dy nachts noch by him en gie dêrwei nei Egypte ta. ¹⁵ En dêr bleau er oan Heroades syn ferstjerren ta, dat útkaam wat de Hear troch de profeet sein hie:

Egypte haw Ik myn soan wei roppen.

¹⁶ Doe't Heroades troch krige, hy wie troch de tsoenders te fiter nommen, doe waard er slim lulk, en hy liet alle jongesbern yn Betlehem en it berchlân dêrsanne fermoardzje, fan twa jier en jonger; neffens it tiidrak dat er by de tsoenders útfigelearre hie. ¹⁷ Doe kaam út wat sein wie troch Jeremia de profeet:

¹⁸ Der waard in lûd yn Rama heard, in skriemen en fel gûlen: Rachel, dy't har bern beskriemde, en treast woe se net fan witte want wei binne se.

¹⁹ Mar doe't Heroades stoarn wie, sjedêr, yn Egypte ferskynde Joazef

yn in dream in ingel fan 'e Hear;²⁰ dy't sei: Wurd wekker; nim it bermtsje en de mem by dy en reizgje nei it lân Israel. Want deselden dy't om it libben fan it bermtsje út wiene, binne dea.²¹ En hy waard wekker en naam it bermtsje en de mem by him en gie nei it lân Israel.

²² Mar doe't er hearde, Archelaos wie no kening fan Judéa ynstee fan syn heit Heroades, doarde er dêr net wer hinne. En yn in dream warskôge gied er dêrwei nei de lânsdouwen fan Galiléa,²³ en dêr sette er him nei wenjen yn in stêd dy't Nazaret hiet, dat útkaam wat troch de profeten sein wie: Hy sil in Nazoreeër neamd wurde.

*Matt. 3:6 en se lieten har yn 'e Jordaan dope troch him,
wylst se foar har sûnden útkamen.*

De Lauwers by Peebos



Haadstik 3

¹ En yn dy tiid oppenearre him Jehannes de Doper; dy't preke yn 'e Judeeske woastyn ² mei it boadskip: Feroarje jim, want Gods hearskippij is no tichtby!

³ Want hy is it dy't troch de profet Jesaja foarsein is:

It lûd fan ien dy't ropt yn 'e woastyn: Meitsje it paad fan 'e Heare ree, soargje dat syn wegen rjocht rinne!

⁴ En Jehannes sels hie klean oan fan kamielehier en in learen riem om 'e mul, en syn iten wie sprinkhoannen en wylde huning. ⁵ Doe reizge Jeruzalem en hiele Judéa en de hiele Jordaankrite nei him ta, ⁶ en se lieten har yn 'e Jordaan dope troch him, wylst se foar har sûnden útkamen.

⁷ Doe't er lykwols frijwat fan 'e Fariseeërs en Sadduseeërs op syn doop ta kommen seach, seid er tsjin har: Njirrebrod, wa hat jim ynflústere om te flechtsjen foar de grime dy't deroan komt? ⁸ Draach dan frucht dy't by dy feroaring past! ⁹ En tink mar net by jimsels dat jim wol sizze kinne: Wy hawwe Abraham as heit, want Ik sis jimme, God kin út dy stiennen dêr wol bern foar Abraham yn 't libben roppe. ¹⁰ En no al leit de bile tsjin 'e woartel oan fan 'e beammen, dat elke beam dy't gjin goede frucht draacht, wurdt omkapt en yn it fjoer smiten.

¹¹ Ik doop jimme dan wol ûnder yn wetter, dat jim jim feroarje, mar dy't efter my oan komt, is sterker as my. Ik bin net iens goed genôch om syn sandalen fuort te bringen. Hy is it dy't jim ûnderdope sil yn hillige geast en fjoer. ¹² En de wanne hat Er yn 'e hân en Hy sil syn hiele terskflier suverje en syn nôt yn 'e skuorre byinoar bringe, mar it tsjêf

ferbarnt Er mei fjoer dat net út te krijen is.

¹³ Doe kaam Jezus dêr, út Galiléa wei, nei de Jordaan ta by Jehannes, om troch him doopt te wurden. ¹⁴ Mar Jehannes woe Him keare mei it sizzen: Ik haw der just ferlet fan om troch Jo doopt te wurden, en no sille Jo by mij komme? ¹⁵ Mar Jezus sei wer tsjin him: Lit no mar gewurde, want sa hearre wy alles wat rjocht is neffens de bedoeling te dwaan. Doe liet er Him gewurde. ¹⁶ En doe't Er doopt wurden wie, kaam Jezus dalik út it wetter wei. En sje dêr, de himel gie iepen, en Hy seach Gods Geast, dy't omleech kaam krekt as in do, op him ta setten. ¹⁷ En sje dêr, der klonk in lûd út 'e himel: Dat is myn leave Soan, mei wa't Ik wiis bin.

Matt. 4:20 *En hja lieten daliks de netteboel
dêr bliuwe om Him te folgjen.*
Haven - Harns



Ferantwurding fotografy

- Hs. 1. Tsjerkepaad
 - Hs. 2. Fries Museum, Ljouwert | Kolleksje Provinsje Fryslân
 - Hs. 3. [https://commons.wikimedia.org/wiki/File:Lauwers_-_Peebos_\(noord\).jpg](https://commons.wikimedia.org/wiki/File:Lauwers_-_Peebos_(noord).jpg)
 - Hs. 4. Angela Deelman Fotografie
 - Hs. 5. Omrop Fryslân
 - Hs. 6. Jeroen Horsthuis
 - Hs. 7. Lauwershof
 - Hs. 8. Agrarisch Natuurbeheer Weststellingwerf
 - Hs. 9. Henk Bootsma Fotografie
 - Hs. 10. Marius Visser
 - Hs. 11. Jeanet Hamstra
 - Hs. 12. Jeanet Hamstra
 - Hs. 13. Irma Schoonderwoerd
 - Hs. 14. Friesland College
 - Hs. 15. Kennel fan Suwâld
 - Hs. 16. K. van Dellen-Stienstra
 - Hs. 17. Camping Seedune, Skiermûntseach
 - Hs. 18. Jeanet Hamstra
 - Hs. 19. Sake Beerstra
 - Hs. 20. De Frysling, Twizel
 - Hs. 21. Maarten Boersema/Blijekerk.nl
 - Hs. 22. Brenda van Olphen
 - Hs. 23. Landschapsbeheer Friesland
 - Hs. 24. Archief Leeuwarder Courant
 - Hs. 25. Oscar Zimmermann
 - Hs. 26. Jeanet Hamstra
 - Hs. 27. www.kerkfotografie.nl
 - Hs. 28. Tiwi Fotografie
- Omslach: Henk Bootsma Fotografie
- Side 93 Jeanet Hamstra
Side 94-95 Jeanet Hamstra